

# Sponsorjûn freed 9 april 2010

*In ferslag fan de joun*

Ofrûne freed hawwe wy, Hearen 2, in Sponsorjûn organisearre. It grutste doel hjir fan wie om wat mear bining te krijen tusken ús sponsors en de feriening. We hienen de seal yn Turns moai oanklaaid, de catering wie prima foar elkoar en de sprekker fan dizze jûn wie ek net de minste. Dat wie Derk de Saegher, de súksescoach fan de dames fan VC Snits. It wie dan ek wol spitich dat mar in tredde fan alle sponsors oanwêzich wie... Mar hawar, dy jinge dy't der wie hat genoaten fan in moai ferhaal mei in soad anekdoates út it de inmiddels al lange karriêre fan De Saegher. It wie syn earste echte sprekbeurt yn 'e provinsje, mar dêr wie neat fan te merken! Hy fûn it sels ek tige slagge en sil Covos yn 'e takomst seker folgen bliuwe.



Harry Diekstra fan 'e Devo en Textielstra wie der ek en hie in diel fan 'e nije kledinglijn fan Covos meinommen. De teams dy't straks oan nije shirts en/of trainingspakken ta binne kinne mar bliid wêze, want dit sjocht der allegearre prachtig út!

Links de besteande shirts fan de jeugd en seniorenteam.

By dizze wolle we ek de bekendste Sútélbakker fan 'e Greidhoeke, Henk v/d Brug, noch tanksizze foar de hearlike oranjekoeke dy't hy beskikber stelt hat. Grote klasse! Al mei al wie it in tige slagge jûn en wat de geringe opkomst oanbelanget: wy as Sponsorcommissie sille de oare kear de sponsors noch fûler achter de broek oan sitte om der foar te soargjen dat se dan wol komme!



Herren 2

